

## PARSEBERJOCHT

2 novimber 2020

### Mei it helmhout tusken ús yn, it ferhaal fan de frou op it skûtsje

**Eartiids, doe't it skûtsje noch in frachtskip wie, stie de frou like faak oan it roer as har man. Wêrom ken it SKS skûtsjesilen dan noch hieltyd gjin froulike skippers? Dat is de fraach yn de Fryslân DOK: 'Mei it helmhout tusken ús yn'.**

Doe't yn Noard-Nederlân de skûtsjes noch fracht ferfierden, diene man en frou it wurk oan board tegearre. It laden en lossen, it silen, it lûken fan it skip. Hy of sy stie oan it roer. Tegearre hiene sy in bedriuw en tegearre stjoerden sy it skip. Oars gong it by it skûtsjesilen simmerdeis. It húsried, frou en bern kamen op 'e wâl, en de man sylde de wedstriid. De frou soarge foar bêd en brochje, foar it feest nei winst en de treast nei ferlies.

Ek no't de SKS, de Sintrale Kommisje Skûtsjesilen, 75 jier bestiet is yn dy tradisjonele rolferdieling net folle feroare. Froulju sitte meastal op it folchskip, soms binne se bemanningslid. Mar skipper by de SKS, dat is noch nea slagge. Wannear sil de frou, krekt as eartiids op it frachtskip, ek op in SKS-skûtsje oan it helmhout stean?

Yn de ferhalen oer skûtsjes en skûtsjesilen hat de rol fan de frou altyd ûnderbeljochte west. Dokumintêremakker Karen Bies woe yn de Fryslân DOK 'Mei it helmhout tusken ús yn' no ris de frou nei de foargrûn helje. Yn de film komt ek har 101-jierige beppe oan it wurd, sy wie eartiids tegearre mei har man skûtsjeskipper.

Fryslân DOK: 'Mei it helmhout tusken ús yn'

Sneon 7 novimber, 15.30 oere, NPO2 (Nederlânsk ûndertitele, werhelling 8 novimber 13.10 oere).  
Snein 8 novimber, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren).

---

#### Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbyldingen: Omrop Fryslân.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.

## PERSBERICHT

2 november 2020

### **Met het helmhout tussen ons in, het verhaal van de vrouw op het skûtsje**

**Destijds, toen het skûtsje nog een vrachtschip was, stond de vrouw even vaak aan het roer als haar man. Waarom kent het SKS Skûtsjesilen dan nog steeds geen vrouwelijke schippers? Dat is de vraag in de Fryslân DOK: 'Met het helmhout tussen ons in'.**

Toen in Noord-Nederland de skûtsjes nog vracht vervoerden over het water, deden man en vrouw het werk aan boord samen. Het laden en lossen, het zeilen, het trekken van het schip. Hij of zij stond aan het roer. Samen hadden ze een bedrijf en samen stuurden ze het schip. Bij het skûtsjesilen in de zomer ging het anders. Het huisraad en het gezin werden op de wal gezet en de man zeilde de wedstrijd. De vrouw zorgde voor het eten, het feest na winst en de troost na verlies.

Ook nu de SKS, de Sintrale Kommisje Skûtsjesilen, 75 jaar bestaat, is in die traditionele rolverdeling weinig veranderd. Vrouwen zitten meestal op het volgschip, soms maken ze deel uit van de bemanning. Maar schipper bij de SKS, dat is nog nooit een vrouw gelukt. Wanneer zal de vrouw, net als vroeger op het vrachtschip, ook op een SKS-skûtsje aan het helmhout staan?

In de verhalen over skûtsjes en skûtsjesilen is de rol van de vrouw altijd onderbelicht gebleven. Documentairemaker Karen Bies wilde in de Fryslân DOK 'Met het helmhout tussen ons in' nu eens de vrouw naar de voorgrond halen. In de film komt ook haar 101-jarige oma aan het woord, zij was destijds samen met haar man skûtsjeschipper.

Fryslân DOK: 'Met het helmhout tussen ons in'

Zaterdag 7 november, 15.30 uur, NPO2 (Nederlands ondertiteld, herhaling 8 november 13.10 uur).  
Zondag 8 november, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur).

---

#### **Noot voor de redactie**

Bronvermelding afbeeldingen: Omrop Fryslân.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.